

- E-mail DFS:** skriuwer@friesdammen.nl
- Yinternet:** www.friesdammen.nl
- Webmaster:** Jesse Jan Boschma en Sjoerd Teake Kooistra
st.kooistra@hotmail.com
- Damklups:**
- ◆ **“Nocht&Kriich”** Aldegea-SWF, F.Groenveld, Riperwei 6,
8623 XH De Jutryp 0515 - 424517
groenveldf@hotmail.com
 - ◆ **“De Skyfkes”** Blauhús, L. Altena, Arkumerleane 4,
8764 PP Dedgum, 0515 - 579011
jantsje.leo@kpnmail.nl
 - ◆ **“Stryk Op”** De Gaastmar, S.Attema, Hellingpaed 26,
8611 JR De Gaastmar, 0515 - 469704
shattema@hotmail.com
 - ◆ **“Hallum”** Harmen van der Meer, Luniastate 15,
9074 MC Hallum, 0518 - 431003
harmenvandermeer@hotmail.com
 - ◆ **“Hartwert e.o.”** Klaas Abma. Kloosterweg 12,
8741 KB Hartwert. 0515 - 569747
damkluphartwert@live.nl
 - ◆ **“De Rûge Wolf”** Lollum, L.Westra, Waaksenserwei 2,
8823 SX Lollum, 0517 - 469245
liuwe.westra@mensa.nl
 - ◆ **“O.K.K.” Jorwert** S.Dijk, Sluytermanwei 12-14,
9023 AB Jorwert, 058 - 2519992
siebrendyk@gmail.com
 - ◆ **“De Stadige Strikers”** Skearnegoutum, Bauke Bos, Heemstrastrjitte 20,
8521 KH Sint Nyk 0513 - 432782
baukebos@home.nl

Freoneklup:

Dammers om utens en oaren dy't by it Frysk Damjen belutsen wêze wolle, kinne lid wurde fan de Freoneklup.

It ledejild is € 15,-, foar lju út it bûtelân € 20,-.

Men hat it rjocht om oan alle wedstriden diel te nimmen en kriget it Bûnsblêd.

OER ALLES FERSKYNT TRIJE KEAR YN IT JIER ÚTBROCHT TROCH IT DAMBÛN FRYSK SPUL

37 ste jiergong

nûmer 3

april 2016

Einredaksje: Alie Cnossen en Folkert Groenveld

Alie Cnossen, Hoytemadyk 16, 8614 AR Aldegea-SWF
Till. 06 – 24 62 89 86 mail: aliecnossen84@hotmail.com

Folkert Groenveld, Riperwei 6, 8623 XH De Jutryp
Till. 0515 – 42 45 17 mail: groenveldf@hotmail.com

Lêzersjild: fergees foar leden fan it Dambûn Frysk Spul.
€ 17,50 foar oaren (ynkl. porto)

Betelling en administraasje:

Fedde Wiersma, Van Eijsingaleane 21, 8734 GD Easterein
IBAN NL40RABO 034.95.02.072
ûnder fermelding fan: Bûnsblêd + jiergong

It Dambûn Frysk Spul is oprjochte yn 1932. Elts jier organisearret it bûn ferskate persoanlike kampioenskippen yn ferskate klassen en as ien fan de hichtepunten yn it seizoen, de klupkampioenskippen yn Easterein op de twadde as tredde sneon fan jannewaris.

Bestjoer.

- Foarsitter: Liuwe Westra, Waaksenserwei 2, 8823 SX Lollum
liuwe.westra@mensa.nl 0517-469245
- Skriuwer: Siebren Dyk, Sluytermanwei 12-14, 9023 AB Jorwert.
siebrendyk@gmail.com 058-2519992
- Ponghâlder: Fedde Wiersma, Van Eijsingaleane 21,
8734 GD Easterein, wiersmafedde@gmail.com 0515-332401
- Ferskate kommisjes

FAN DE REDAKSJE


(Folkert Groenveld)

Yn it lêste nûmer fan dit damseizoen wurdt werom sjoen. Ferskate kompetysjes wurde oereide mei ek de finale fan de Fryslân Kup, in tige slagge ynisjatyf fan de Blauhúster klup en benammen Jappie de Jong, mei ek it frouljuskampioenskip. Lykas de persoanlike kampioenskippen mei in analyse troch Jelle Wiersma. En ek it Fryslân Open is noch omtinken foar. Yn maart wie Frjentsjer it sintrum fan de damwrâld. Fanút it bestjoer is der noch nijs en kolumnist CK hat it lêste wurd. De redaksje winsket jim in goede simmer.

FRAGMINTEN NOCHT&KRIICH


(Folkert Groenveld)

De kompetysje fan Nocht&Kriich waard ofsluten begjin april en yn de earste klas wienen de priiswinners 1.Folkert Groenveld 2.Siebe Walinga en 3.Henk Haanstra. De twadde klasse wie 1.Beke Haanstra 2.Jolke Groenveld en 3. Klaas Weerstra. Dan waard der ek noch oars damd. De waarstekompetysje wie foar Meike van der Meer en dit jier ek FRYSK. Dat waard yn de earste klasse wûn troch Folkert Attema en yn de twadde troch Beke Haanstra.





Folkert Groenveld mei wyt tsjin Sjoerd Couperus woe mei 1.40-35 te gau it swarte hout pakke. Couperus hie kamp meitsje kind troch 1. ...6-11!
2.21x1 16-21! 3.1x41 12-17 4.35x15
17x48 5.15-10 48-26! 6.10x6 46x23
7.6-1
Moai is ek de fariant 1.36-31 19-24
2.32-28 7-11! 3.21x1 24-30! 4.1x4
30x50 5.4-15! 50x26 6.15x35 mei
kamp?

Rein Jan Walinga mei wyt en Folkert Attema ha der in moai spul op setten. Der folge 1. ...17-22 2.32x12 13x11 3.41-37 3-8 4.37-31 (driget 34-29 en 26-21)
4. ...11-17 5.31-27 17x37 6.47x27 4-10 7.26-21



Dammers wurde der altiid wer foar warskôge ‘..efterstrike kin net..’ en dochs..
7. ...14-20? 8.21-17! 20x29 9.50-44 16x18 10.35-30 25x34 11.44x2





Dyselsde Rein Jan Walinga komt wolris yn tiidneed en diz' kear syn tsjinstanner Wilelm Hoekstra mei wyt ek.

It ferrin wie 1.39-33 18-22 2.43-38 7-12 3.48-43


Swart wint nei 3. ...12-17 4.16x27 15-20!

4.35x15 4-10! 6.15x24 20-25 7.4x34
30x50 Mar der folge 3. ...12-18 4.38-32 22x42 5.43x41



Swart kin wer winne. No troch 5. ...18-23, 4-9 etc.) mar wer gie it oars 5. ...2-7 6.36-31 22-27 Foar swart sit it setsje der noch yn. Mar sjoch dat mar ris efter it boerd mei spanning en tiidneed. 7.41-36

No sit de slach der yn troch
7. ...15-20! 8.35x15 22-28 9.33x22
4-10 10.15x4 20-25 11.4x34 30x50.
Der folge lykswo 7. ...22-27 8.31x22
7-11 9.16x7 1x34 Wyt moat slaan
35x33, mar sjocht dat net en spilet
10.36-31 34-40 11.50x14 25x43 en
de partij soe noch kamp wurde.



DE WINNERS: JELLE WIERSMA, TINEKE BRANDER EN SIEBREN DYK *(Siebren Dyk)*

Kluphûs Sie Sa yn Blauhûs foarme ôfrûne op freed 8 april in sfearfolle entûraazje foar in prachtige ôfsluting fan it damseizoen. Yn mar leafst trije sealen spilen har likefolle barrens ôf: de finale fan it bekertoernoai, it frouljuskampioenskip, en in einspultornoai FRYSK.

Hichtepunt wie fansels de einstriid fan it troch de Blauhúster damklup organisearre bekertoernoai. Elke moanne waard dêrfoar yn 'e ôfrûne winter in omloop holden, en úteinliks wiene allinne noch Taeke Kooistra en Jelle Wiersma oerbleaun. De beide matsjedoaren waarden ûnder



begelieding fan har favorite muzyknûmer yn 'e seal laat, dy't troch "De Skyfkes" omboud wie ta in wiere arena. Neidat it Frysk folksliet man- en froumachtich meisongen wie, koe it los.

De partij tusken Wiersma en Kooistra wie in finale wurdich. Der siet fan alles yn, mar úteinliks luts Wiersma wol oan 'e langste ein. Dêrmei mocht er him de alderearste bekerwinner yn it Frysk spul neame. Hy sil ek net de lêste wêze. Jan de Lange, makelderij yn Snits, hat as haadsponsor foar takom' jier al tasein dat er wer meiwurkje wol, en De Skyfkes sels ha der no al wer sin oan.

Underwilens spile him yn Sie Sa noch folle mear ôf. Op 'e boppeseal wie it frouljuskampioenskip oan 'e gong, en dat wie mear as spannend. Der wiene fjouwer

dielnimsters, en dy wiene oaninoar weage. No ja, Josette Kalteren koe it net alhiel bankje, dy ferlear alle partijen. Mar Tineke Brander, Tineke Tiegeler en Hennie de Haan holden inoar yn lykwicht. Oan 'e ein hiene se allegearre 2 punten, en noch it SB noch de ûnderlinge partijen koene útwizing dwaan wa't no wier de sterkste wie.

Der wie dus noch in barraazje nedich, al hie net elkenien dêr mei it each op 'e lette oere likefolle

nocht oan. Benammen Tineke Brander klage dat se der al in lange wurkeldei op sitten hie. Likegoed wie sy it dy't oer it measte úthâldingsfermogen besikhte. Dêrmei loste se Hennie de Haan ôf as kampioene. Dy moast har no tefreden stelle mei it twadde plak, mar se einige dêrmei noch al foar har klupgenoate Teigeler.



En dan wie der yn Blauhús ek noch in einspultoernoai yn 'e foarm fan it spultsje FRYSK. Yn 'e geast fan it bekertoernoai waard dat ek ôfhannele mei in ôffalrace, lykwols al mei in ferliezerspûl. It lot besikhte dat yn 'e earste omloop twa fan de

favoriten Foeke Tiemensma en Manfred de Wolff it tsjininoar opnimme moasten. Foeke ferlear, mar waard úteinliks al de winner fan de ferliezers.

De wiere winner waard, ta elks ferrassing, Siebren Dyk. Troch oerwinnings op Evert Ypma, Bauke Bos, Mister X en de pleatslike favoryt Bernard Kroon wie de Jorwerter ta de finale trochkrongen. Dêr wachte Folkert Groenveld op him. De partij waard remize, dat der folge noch in beslissingspartij mei mar fiif minuten op 'e klok. Beide spilers krigen in daam, en Groenveld drige alle swarte houtsjes yn it sintrum yn ien kear op te plúzjen. Mar Dyk fûn it iennichste gatsje, en kaam sa yn besit fan de haadpriis, in bierkoffer fan Us Heit.

It wie de lêste slach fan in prachtige damjûn. Nei de humoristyske taspraken by de priisútrikking waard dêr oan 'e Blauhúster taap noch lang oer neipraat.



OKK KRIGE OARE KLUPKAMPIOEN

(Siebren Dyk)

De kop boppe dit stikje is eins in kop fan neat. Net dat er ûnwier is, mar hy befettet ek gjin nijs, want hy hie begjin oktober ek wol opskreaun wurde kind. Doe waard nammentlik bekend dat Kees Tijssen dit jier net mear meidwaan woe oan 'e ynterne kompetysje fan damklup OKK. Kees hat jierrenlang it Jorwerter damjen behearske. Eardere koppen as "Kees Tijssen klupkampioen" befetten ek gjin nijs, want jo wisten yn it foar al dat Kees it dochs wol wer winne soe.

Dit jier waard dus de grutte fraach: wa wurdt de opfolger? Der wie ien dúdlike favoryt. Dat wie Rinze Schukken. Dy Hilaarder einige nammentlik ek al jierrenlang op it twadde plak, dat dy soe no wol opskowe. Of soe Harry Kaspers no einliks ris syn talinten fersulverje? No, nee dus. Foarst, Rinze makke gjin flaters. Oare jierren frissele er noch wol ris in aventoerke yn syn spul, en as dat net goed betearde dan koed er soms ûngenadich op 'e bek gean. Mar dit jier dus net. It wie krekt of woed er him dizze kâns, dêr't er jierren op wachtsje moatten hie, net ûntkomme litte. De iene oerwinning jage sadwaande de oare. Mar ien kear gong er ûnderút. Twaddeklasser Gertjan van Kamp waard miskien dochs even tefolle ûnderskat.

Harry Kaspers waard úteinliks gjin twadde. Dat waard, noch it meast ta syn eigen fernuvering, Siebren Dyk. Sels it tredde plak gong noch oan Harry syn noas foarby, ek al skilde it net folle. Drukte de ferantwurdlikens fan it kompetysjeliederskip sa swier op syn skouders dat er de optimale konsintraasje net opbringe koe? Ta syn ûntskuldiging moat der ek by sein wurde dat hy it it faakst fan allegearre opnaam tsjin twa tsjinstanners as der wer ris in ûneven oantal dammers op 'e klup wiene. Hoe dan ek, Harry kaam net fierder as 8,5 punt, noch ien minder as Bitgummoolster Jan Nauta. De krekt promovearre Fokke Looijenga hie it ûnderwilens it hiele jier dreech yn dy heechste klasse. Net dat de Weidumer no sa beroerd damme, op grutte blunders koed er ek net attrappearre wurde, it wie earder mear in kwestje fan krekt net, benammen yn it einspul. It betsjut wol dat Fokke wer linea recta nei de twadde klasse weromgiet.

De einstân yn 'e earste klasse waard dêrmei:

- | | |
|--------------------|-----------|
| 1. Rinze Schukken | 15 punten |
| 2. Siebren Dyk | 11 |
| 3. Jan Nauta | 9,5 |
| 4. Harry Kaspers | 8,5 |
| 5. Fokke Looijenga | 3 |

Trochdat Martin Visser yn 'e rin fan it jier ôfheakke, bleauwen der yn 'e twadde klasse fjouwer dammers oer. It waard úteinliks in spannende striid tusken Bonne Hylkema en Gertjan van Kamp. Bonne syn jierrenlange ûnderfining joech op it lêst krekt de trochslach, mar dat nimt net wei dat Van Kamp elks bewûndering ôftwong. De man dammet noch mar in pear jier en hat yn dat koarte skoftke in geweldigen foarútgong sjen litten. Syn hichtepunt wie fansels de oerwinning op Rinze Schukken.

Underyn wie it hjir ek spannend. Mathieu van den Bogaard hie op it lêst oan in heal puntsje genôch om net op it lêste plak te einigjen. De reade lantearne waard no droegen troch Jacob Keuning, mar dy hie dêrby al de treast dat er Harry Kaspers dellein hat. Dat resultearre yn 'e folgjende einstân:

- | | |
|-----------------------|-----|
| 1. Bonne Hylkema | 9,5 |
| 2. Gertjan van Kamp | 9 |
| 3. Mathieu vd Bogaard | 5,5 |
| 4. Jacob Keuning | 5 |

Op 22 maart waarden, op wat de kompetysjelieder altyd betitelesearret as "de bonte avond", de prizen ferdielt, sawol it earemetaal fan de ynterne kompetysje as de prizen fan de bonte spultsjes fan de lêste jûn. Dy prizen wiene wat iensidich, want se bestiene inkeld mar út droege woarsten, dy't yn de ekstra lange neisit ek fuortdaliks mar soldaat makke waarden. It wie in moaie ein fan in moai damseizoen.

TAEKE KOOISTRA ÚT HARTWERT

(Jelle Wiersma)

Waard yn in sterk dielnimmersfjild op sneon 20 febrewaris foar de 18^e kear kampioen. Krekt as foarig jier gean we wer nei hoe it komt dat Taeke oan it ein fan it toernoai dochs wer op it heechste plak stiet.

Fan alle sâwn partijen ha ik besocht om it kantelpunt fan de wedstriid te sykjen en sil ik útsykje wêrom Taeke de winst pakt. It docht bliken dat it diz' kear net altyd drekt oan te wizen is wêr as it goed giet foar Taeke.

Partij 1 : Henk Haanstra – Taeke




Henk iepene as folget. **1. 32-27 19-24 2. 33-28 20-25 3. 27-21 16 * 29 4. 39*30.**

Dizze iepening sjogge we de lêste jierren hieltiden faker op it boerd. Yn it ferrin fan de party krige Taeke it bettere spul en nei 20^e set kaam de folgjende stân op it boerd


It leit foar de hân dat

Henk **21. 43-38 23*43** spilet en ek **22. 38*49** liket net raar. Mar nei **22. ... 14-19** hat swart in oanfal deryn en dan ek noch in neislachje. Om net direkt in skiif efter te reitsjen moat **23. 49-43** spile wurde en Taeke docht **19-24, 24. 34*12 2*33 25. 43*23 25*34 26.44 *24** en hat in better stân as Henk en sil úteinlik de foarljike skiiven pakke. Op set 22 hie Taeke ek 13-18 spyle kinnen en wyt syn swakke hoeke oanfalle kinnen.



Partij 2 : Taeke – Sjoerd Jan Bakker


Yn de partyen dat Sjoerd-Jan swart hat en de tsjinstanner iepenet mei 31-26, 20-25, 37-31, 14-20, 32-27, 17*37, 41*32 dan giet yn 99 fan de 100 partyen de lange hoek derút. Taeke kin hjir altyd goed mei omgean en sa ek diz' kear. Dochs wie it in moaie striid en it gong lang lyk op. Nei de 43^e set fan wyt stiet it as folget.



Swart syn opset is om ôf te ruiljen fia 8-12 en dan 11-17 of fia 4-9 en dan 11-17. Wyt sil dan nei alle gedachten 48-42 dwaan en dan fia 42-37 ôfruilje. Swart spile 8-12 en Taeke docht ferrassend 47-42! Swart kin net efter skiif 42 strike. Dan steane der twa skiven op slach en kin swart tsjin skiif 11 oankrûpe en in daam helje. En sa komt swart altyd efter. Jammer foar Sjoerd Jan want in heal punt hie der diz' kear wol ynsitten.

Partij 3 : Taeke – Marten Walinga

Nei in moai spul kaam de folgjende stân op it boerd.



Marten spilet hjir 1-7 mei it idee dat 32-28 net kin. Wyt ruilet ôf **35-30, 20*40, 45*34** en dan spilet der 8-12 en is it hielendal mis. Wyt spilet **34-30** en swart kin disse skiif net mear keare. Sels hat der gjin kâns om op syn rjochterflank troch te brekken en sil de partij ferlieze. Yn de diagramstân wie 3-9 de beste. Wyt sil dan ek ôfruilje mei 35-30. Beide mannen dan goed strike, want der sit der noch fan alles yn.


Partij 4 : Cor Kooistra – Taeke



De bruorren spylje in rûnspul. Cor kin dit spul altiid goed spylje mar helle in pear setten troch elkoar. De iepening wie as folget. **1. 31-26 20-25 2. 37-31 14-20 3. 32-27 17*37 4. 41*32 14-20 5. 34*14 10*19 6. 40-34 11-17 7. 47-41 4-10 8. 32-27 17*37 9. 41*32 12-17 10. 44-40 7-12 11. 50-44 1-7 12. 33-28.**

Better is om op set 11 al 33-28 te spyljen, dan kin wyt noch goed út de iepening komme. No wurdt it dreech sa ek blyken die.

Stân nei de 12^e set fan wyt.



Swart spilet **19-24, 34*14, 10*19** en wyt kin no net werom op de rûn om 25-30, 35*24, 19*50 dus wyt moat **34-30, 25*34, 39*10, 15*4** Cor spilet **40-35** en hoewol net daalk dúdlik, dit is net in goede set. Fia **7-11** kin wyt no net 44-39 spylje en dertroch moat wyt allegear neadsetten dwaan. Uteinlik komt der altiid in skiif efter. Better is om daalk 44-39 te spyljen. Wyt moat noch wol efkes tinke om 18-22, 39-33 kin dan net om 19-23, 28*19, 9*29, 33*24, 22-28, 38*9, 3*34,

40*29, 17-21, 31*13, 8*39, 43*34, 16-21, 26*17, 7*47, 48-42, 47*35, 45*25 en it stiet no lyk mar fia 4-10 en 10-15 komt wyt dochs in skiif efter.


Partij 5 : Taeke – Tjerk Wijbenga



Tjerk hie him goed taret en spile mei in soad moed. Taeke fûn hieltiden de goede set en dan, as sa faak, slacht it oan de ein om. Sa ek dizze partij. Hjir wie net daalk sprake fan in flater mar úteinlik wint Taeke de partij wol. Op <http://toernooibase.kndb.nl/> (links yn it skerm Frysk Spul oanklikke) kinne jim dizze partij en alle oare partijen fan it kampioenskip 2016 fine (en ek bygelyks fan it grutmastertoernoi). Troch op 'partij' te klikken kinne jim op in tablet of kompjouter alles besjen.

Partij 6 : Jelle Wiersma – Taeke

De lêste dei kaam it der noch wol op oan. Hoewol Taeke al 5 punten hie sieten Marten Walinga en Foeke Tiemensma mei fjouwer punten op it finkentou. Nei in moaie partij kaam it oan op it einspul. It diagram lit de stân nei de 40^e set sjen en de partij ferûn as folget.



40. 45-40 11-17 41.40-35 17-21

Lusoris fynt disse set net goed. 2-7 hat syn foarkar fanwege ferplichte 42-37 en dan ôfruilje fia 17-21, 37*17, 7*27 **42.35-30 04-10**

43.15*04 03*05 ferrassend dizze ôfruil Wyt hat no kar, mar **44.42-37** liket it bêste **27-32** ferplichte, alle oare setten binne net goed.

45.37*28 26-31 46.36*27 21*23

47.49-43 opbouwe fia 46-41 en dan 41-37 hier misskyn better west


02-08 48.46-41 16-21 49.41-37

05-10 Hjir makket Jelle in fout

50.37-31 21*41 51.47*36 is net

goed. Better is 43-38 en dan is 8-12 ferplichte en dan kin wyt wol ôfruilje mar dan sil it nei alle gedachten nei kamp rinne.

10-14 52.43-39 08-12 53.36-31 12-17 De stân is dan as folget.



It is dreech te sizzen wa't no better stiet. Der moat goed strutsen wurden

54.31-26 39-34 kin net fanwege 17-22 en swart brekt daalk troch **14-19** 23-28 is net goed fanwege 39-34 14-19 ferplicht 30-25 28-32 25-20 en dan wurdt it lestig foar swart.

55.39-34 17-22 56.26-21 22-28 57.21-17 28-32 wyt sjocht no wer kânsen **58.17-12 32-37 59.12-07 37-41 60.07-02 23-28** gjin kar **61.02*24 41-47** dit is de goede set, oars

ferliest swart **62.24-19** no wurdt it op in hiele moaie wize kamp **28-33 63.34*32 47-24 !** kamp

In swiere striid dy't sa'n fiif oeren duorre.

Partij 7 : Taeke – Foeke Tiemensma

De lêste partij moast Taeke tsjin Foeke Tiemensma. Foeke hie de foarige party ferlern tsjin Marten Walinga en stie oardelpunt efter en koe dus net mear kampioen wurde. By kamp of winst hie Marten noch kâns op de titel. Nei de iepening hie Foeke in licht foardiel. Al nei't de partij foardere krige Taeke it wat bettere spul. It like dan ek kamp te wurden. Mar troch in flater ferlear Foeke en waard Taeke foar de 18^e kear kampioen.

Ek dizze partij kinne jim besjen op <http://toernooibase.kndb.nl/>.

Taeke hat ek diz' kear flink syn bêst dwaan moatten om kampioen te wurden. Foar it toernooi wie Taeke net echt yn foarm, mar wol op tiid foar de kampioenskippen. Taeke is yn in toernoai dreech te ferslaan.

Taeke, tige lokwinske my dyn 18^e titel.

BÛNSGEARKOMSTE 11 APRIL TE HARTWERT

(Liuwe Westra)

As jo yn Hartwert komme, is it goed - dat wit elke dammer. Sa wie it no ek wer foar de bûnsgearkomste oan 'e ein fan it seizoen. Bedoeld om eefkes werom te sjen, ideeën út te wikseljen, ballontsjes op te litten, en te sjen wat der bart as sa'n ballontsje tsjin in stikel oan fljocht.

Der wiene fertsjintwurdigers fan 'e damklubs fan Skearnegoutum, Lollum-Waaksens en fansels Hartwert (earst oankommen). Oer it algemien waard der weromsjoen op in moai seizoen. De finale fan 'e Fryslânkup, mei dêrby it frouljuskampioenskip en de miny-kup (as dat it goede wurd is), yn Blauhús siet ús allegear noch farsk yn it ûnthâld. Mar net allinnich Blauhús: ek alle oare klubs dy't by it Bûn oansletten binne, hawwe wer har stjonkende bêst dien om der meiinoar wat fan te meitsjen. Hulde oan elk dy't op watfoar manier ek by de organisaasje fan in kompetysje, in wedstryd, in toernoai of in kampioenskip behelle wie!

Dêrneist waarden in stik as trije, fjouwer mear spesifike punten bepraat: 1) de organisaasje fan 'e persoanlike kampioenskippen, benammen yn haadklasse en tredde groep fan acht; 2) de goeie belâns tusken stilte en leven by wedstriden dy't troch it Bûn organisearre wurde; 3) it Frysk damjen yn it bûtenlân, benammen yn Tsjechië (ynbrocht troch Folkert Groenveld) en 4) de rol fan 'e wedstrydlieder by gebrûk fan 'e klok.

Punt 1 joech de measte diskusje. Koart sein komt it hjir op del, dat de measte dielnimmers oan 'e persoanlike kampioenskippen gjin probleem hawwe mei de opset sa't dy no is. Mar wy sjogge allegear ek, dat it meidwaan oan de kampioenskippen yn 'e haadklasse en legere klassen der wol oan hat. De oantallen binne út noch yn net rippresintatyf foar it tal dammers dat yn dy klassen spilet. Mei dêrtroch stiet de ûnderste groep fan acht al in tal jierren ûnder druk: der moatte soms keunsten úthelle wurde om de groep sa'n bytsje reglemintêr fol te krijen, en dêrtroch sakket it nivo fan 'e groep as gehiel. Der binne ferskate dammers dy't gâns sterker binne as guon tredde-achters, mar dy't net oan 'e kampioenskippen meidogge.

Sawat alle tinkbere feroarings binne de revu passearre, en ek hoe't it foarhinne wie en dêrfoar en noch earder kaam wiidweidich op it

aljemint. Mar it stik dêr't it om draait is dit: wêrom misse wy safolle dammers as it giet om de persoanlike kampioenskippen yn 'e haadklasse en dêrûnder? As der in feroaring mooglik is, dy't fan dy gefolgen is dat der twa of trije kear safolle meidogge, dan fynt elk dat wol de muoite wurdich.

Der is dan ek ôfpraat, dat der út it bestjoer wei frege wurde sil oan de dammers dy't it oanbelanget, oft se hoe dan ek net (dus op gjin inkelde manier) meidwaan wolle oan in persoanlik kampioenskip, of dat der omstannichheden te betinken binne, dy't meitsje soene dat se wol meidiene. As dêr wat útkomt dat ien beskate kant út wiist, soene wy dêr in útstel fan meitsje kinne foar de folgjende bûnsgearkomste. Komt soks der net út, of kinne wy it oer in eventúeel útstel net iens wurde, dan bliuwt alles ears sa't it is.

Punt 2 makke fansels ek wol de nedige tongen los, en dat wie no de bedoeling ek. Gelokkich is der begryp foar by elk, dat wy meiinoar besykje om it damjen sa oantreklik mooglik te meitsjen foar iderien. Elk docht syn bêst, allinnich ... benammen yn tiidneed falle net alle bedoelings like goed. Foarop bliuwt stean, dat it damjen in sport is dy't jo mei mear minsken tagelyk yn ien en deselde romte beoefenje, mei publyk derby. Absolute stilte is net winsklik, en ek net mooglik.

Wat kinne wy wol dwaan? Der waard oer 't algemien posityf réagearre op it idee om in soarte fan 'alles oan 'e hang'-ôfspraak te meitsjen. Is der in spiler yn tiidneed (bygelyks ûnder de trije minuten), dan net mear yn- en útrinne, en elk hâldt him stil. Dêrbûtenom moat elk sels witte wat lije kin, en oars kinne spilers of wedstrydlieder ek dingen oanjaan. Guon dammers begjinne ûngemurken te psalmsjongen as se tinke dat se goed steane, en net elk stelt dat op priis. Ek it idee om houtsjes gewoan lizze te litten as der oan 'e selde tafel noch spile wurdt, krige wol byfal. It bestjoer krige dan ek it frij, om hjir foar oktober in útstel fan te meitsjen.

Punt 3 is foaral goed nijs: yn Tsjechië wol Václav Křišta (dielnimmer yn Frjentsjer, en damfreon fan ferskate dammers dy't de kant fan Praach al ris út west hawwe) it Frysk damjen serieus promootsje. Hy hat foar dit jier twa wedstriden yn 'e holle. Op 15, 16 en 17 july wurdt it Tsjechysk iepen kampioenskip spile. Der wurde dan sowieso al twa farianten beoefene: ynternasjonaal en Tsjechysk. Om ús freon Václav kin it Frysk damjen dêr wol by, as er help kriget by de organisaasje (werskynlik: in

koarte útlis en trening, en dan de opset fan in lyts toernoai, al of net 5 tsjin 5). Op 26, 27 en 28 oktober is der in tinksporttoernoai, dêr't hoe dan ek Frysk damd wurdt. Václav docht it útstel, om lykas earder ek wol bard is, mei fjouwer fjouwertallen fjouwer farianten te spyljen: Tsjechsyk, ynternasjonaal, Italjaansk en Frysk. Dammers dy't dat alris út west hawwe, binne allegear entûsjast weromkommen. Wa fielt hjir wat foar?

It foarrige bestjoer hat alris in kommisje 'Frysk damjen bûten it DFS' yn it libben roppen, yn 'e kuiergongen al de 'kommisje ynternasjonale betrekkingen' neamd, besteande út Marten Walinga, Harry Kaspers en Liuwe Westra. Foar alle fragen en opmerkings kin hjiroer it bêste kontakt opnommen wurde mei ien fan 'e kommisjeleden. It bestjoer sil de kommisje ek freegje, om de mooglikheden, yn oerlis mei Václav Křížta, fierder út te wurkjen.

Punt 4 as lêste: wat mei in wedstrydlieder wol en net sizze, as in spiler him fersint mei de klok? Benammen it punt fan it brûken fan de ferkearde hân yn tiidneed hat Cor Kooistra yn it lêste nûmer fan Oer Alles oan 'e oarder steld. De oanwêzige leden wiene allegear fan betinken, dat in wedstrydlieder yn sa'n gefal eefkes yngripe of terjochtwise mei. Utsoarte hat de tsjinstanner dat rjocht ek. Unreglemintêre setten en soks moat de tsjinstanner op wize (útsein as der mei help fan in tablet damd wurdt, lykas yn Frjentsjer). In klok dy't falt jout oan, dat de partij út is. Elk dy't dat sjocht, mei dat sizze, mar de wedstrydlieder hat ek dy plicht.

Foar wedstriden dy't falle ûnder de noed fan it Bûn, sil it bestjoer foar de kommende gearkomste in opset meitsje foar in rjochtline foar wedstrydlieders.

De konsept-wedstrydlist waard ek noch trochnommen. Der wiene net direkt op- en oanmerkings; al is it sa dat de datum fan de klubkampioenskippen yn Easterein no fêst stiet op 14 jannewaris 2017. Fierders: it wedstrydseizoen liket mei de jierren wol hieltyd koarter en krapper te wurden. Dêrom binne wy bliid mei nije inisjativen, lykas de Fryslânkup. Mar wy wolle alle klubs perfoarst oproppe om minimaal ien wedstryd op freedtejûns of sneons oerdei te hâlden.

Oant safier dizze koarte ympresje, dêr't gjin rjochten of claims oan ûntliend wurde kinne.

FRJENTSJER, 15 OANT 20 MAART 2016

(Liuwe Westra)

In protte partijen en dammers, in hiele protte frijwilligers - elk dy't derta bydroegen hat om fan it toernoai yn Frjentsjer wer in feest te meitsjen, wolle wy hiel hertlik betankje.

Fryslân lepen 16-18 maart 2016 1.Foeke Tiemensma, 7pt 2.Taeke Kooistra, 6,5 pt 3.Jelle Wiersma, 6pt 4.Folkert Groenveld, 5,5pt 5.Jan van Dijk, 5pt 6.Hein de Vries, 5pt 7.Tjerk Wijbenga, 5pt 8.Fedde Wiersma, 4,5 pt 9.Alexander Georgiev, 4,5 pt 10.Cor Kooistra, 4,5 pt 11.Kees Tijssen, 4,5 pt 12.Sjoerd Couperus, 4 pt 13.Hylke Algra, 4 pt 14.Václav Kříšta, 4 pt 15.Aleksej Domchev, 4 pt 16.Rein Jan Walinga, 4 pt 17.Hans Jansen, 3,5 pt 18. Vasyl Ivanchuk, 3,5 pt 19. Michele Borghetti, 3 pt 20.Auke Zijlstra, 2,5 pt 21.Piet Sikma, 2 pt 22.Patrick Casaril, 2 pt 23.Petra Dušková, 1,5 pt 24.Renaud Braye, 0 pt
Grutmastertoernoai Fryske groep 1.Jelle Wiersma, 2,5 pt 2.Taeke Kooistra, 1,5 pt 3.Folkert Groenveld, 1pt 4.Foeke Tiemensma, 1pt
Grutmastertoernoai ynternasjonale groep 1.Alexander Georgiev, 3 pt 2.Aleksej Domchev, 2pt 3.Jan van Dijk, 1pt 4.Václav Kříšta, 0pt
Wrâldkampioenskip FRYSK! 20 maart 2016



De earste fjouwer yn de blommen: Georgiev (2^e 4,5pt), Wiersma (1^e 6pt), Tiemensma(3^e 4,5pt) en foar Kooistra (4^e 4,5pt)
Foar it kommende jier binne wy al wer drok oan it tinken hoe't wy fierder kinne mei it toernoai. It is ús bedoeling, dat der aansen op ferskillende plakken op 'e wrâld serieuus Frysk damd wurdt, en dat goeie

ynternasjonale spilers itselde nivo berikke as de top fan it Dambûn Frysk Spul. Sa't jim oan 'e útslaggen sjen kinne, sa fier binne wy noch net. Mar it giet dy kant al út! En soe it net fantastysk wêze, as wy oer in pear jier yn Easterein ek teams út Praach, Vilnius, Petersburg, Livorno en Brussel hawwe soene?

(foar alle útslaggen en in protte partijen, www.frisiandraughts.com)

WAT IS DAT EINS WAT MEI IT DAMJEN

Doe't ik noch mar sa'n jonkje wie, learde ik it damjen fan ús heit. Heit siet op de damklup yn Hartwert. Wy wennen doe tusken Hartwert en Burchwert yn en hearden by it lêste plak. Doe't ik it spultsje sa'n bytsje yn de macht hie en ik heit wol aardich partij jaan koe, holden wy kompetysjes. In pear kear yn 'e wike skoden wy in potsje. De útslach dêrfan kaam mei in streepke op de rân en fan de skuorkalinder te stean.

Heit oan de iene kant en ik oan de oare kant. Sa koenen wy altiten presys sjen hoe't de stân wie. Alle jûnen as heit in blêd fan it blok ôfskuorde om foar te lêzen, gongen myn eagen wer even nei de streepkes dy't by ús beide nammen stienen. It oantal wie wichtich, want wa't de measten potsjes, bygelyks foar âld en nij wûn hie, krige in kwatta-reep. Sa is it begûn.

Letter gong ik sels op de klup. Nei wedstriden hoegde foar my net. Meastal wurke ik op sneon by de boer. Allinne mei it priisdamjen op de Klieuw wie it raak. Letter wie dy wedstriid yn Hartwert yn it lokaal. Meastal wie ik derby. Ek in kear net en dat wie ús heit mar min nei't sin. Mar ja wat ha ik my letter soms ek wol ferfretten mei dat damjen. Yn it bysûnder mei de PK-s. As it dan prachtich waar of sterk iis wie, dan moasten jo damje, wylst myn kop dêr totaal net nei stûn. En dan tocht ik: "Wat doch ik hjir einliks!"

Is dat mei it âlder wurden mooglik wat feroare? Nee dat is it net. De lêste kear dat dat ferrekte damjen my ferskuorrende dwers sitten hat, wie in jiermannich lyn. It hie de hiele wike al wat ferzen en it wie sa fier dat de frou en ik koene op freed de grutte fearten út. Fan Nijlân nei Drylts en Snits en oant Heech ta. Dêr koenen wy net fierder. Mar prachtich riden fansels!

De nachts frear it as it ongele en ik moast te damjen. Jûns om in oere as acht thús. Beide partijen ferlern! De frou wakker yn de wolken. Se wie allinnich oer Heech, Sânfurd, de Yntemasleat, Warkum, Boalsert en werom nei Nijlân riden. Wat hie ik de smoar yn. Dat ferhipte damjen ek De oare deis reinde it lei wetter.....

CK